FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan it bestjoer fan de
feriening *Prot. Chr. Basisonderwijs* (PCBO)
en de direksje fan kbs *'t Foarhûs*
Postbus 66
9200 AB DRACHTEN

Underwerp: Us net beändere brieven fan 18 desimber 2006 en 12 maart 2007 oer it taal- en ûnderwiisbelied op *'t Foarhûs*

Drachten, 20 juny 2007

Bestjoer en direksje,

It is al wer trije moanne lyn dat wy jimme ús brief fan in heal jier lyn (18 desimber 2006) yn it sin brocht hawwe nei oanlieding fan in artikel yn it *Friesch Dagblad* dêr't nochal fiergeande útspraken yn stiene oer it ûnderwiis yn it Frysk op basisskoalle *'t Foarhûs* yn Drachten.

Wy hawwe op beide brieven op gjin inkelde wize in reaksje hân. Net fan jimme bestjoer en net fan de direksje. Wy moatte hast wol konkludearje dat ús brief net serieus nommen is. Earlik sein falt ús dat fan in ûnderwiisynstelling slim ôf dat der gjin reaksje ôf kin op ús ûnderboude krityske kanttekenings by guon útspraken fan de direkteur, lykas dy yn it iepenbier yn de foarm fan in krante-artikel werjûn binne en dy't de lêzer op in ferkeard spoar bringe wat de wetlike en kultuerpedagogyske taak fan it ûnderwiis yn ús provinsje oanbelanget.

It feit dat der nei in heal jier noch gjin antwurd kommen is, kinne wy op gjin inkelde wize mei goede omgongsfoarmen yn ferbân bringe. Fansels kin stil- en deaswijen in stratezjy wêze om saken dy't jin net sinnigje, yn it ferjittersboek te krijen.

Wy hiene it graach oars sjoen. No't lykwols it lân der sa net hinne leit, bliuwt ús as *Feriening Frysk Underwiis* neat oars oer as ús mei ús klacht formeel en iepentlik ta it Ryk (de ynspeksje) en de Provinsje (de Steaten fan Fryslân) te rjochtsjen. Dy beide oerheden binne fandatoangeande ferantwurdlik foar it taal- en ûnderwiisbelied en foar de kontrôle op de útfiering dêrfan.

Mei groetnisse,

drs. T. Dykstra, foars.
drs. S.T. Hiemstra, skr.

Bylagen:
Us brieven fan 18 desimber 2006 en 12 maart 2007 (no ek by 'brieven' oan te klikken op ús webstek: www.fryskebeweging.nl → FFU).

Ofskriften:
(1) de Ryksynspeksje foar it ûnderwiis; (2) DS en PS fan Fryslân; (3) de media (LC, FD, OF).